

As ik de toer mar sjoch ...

Aldeboarn yn 75
libbensferhalen

Bert Witteveen &
Janny van der Heide-Reijenga

Bornmeer

Ynhâldsopjefte

Tietje Braam-Westerdijk	8
Kees Poepjes	14
Rein Knol	18
Gerrit Haagsma	26
Helga Anna Folkertsma-Khek	30
Engele Volberda	36
Hinke de Vries-van Berkum	40
Jan de Jong	46
Tine Otter-Krikke	54
Albert Nijholt	58
Diny Kalsbeek-van Leeuwen	66
Hein Akkerman	74
Johannes van Kalsbeek	80
Minke van der Werf-Hoekstra	88
Piet Brouwer	92
Elly van den Berg-Huisman	100
Jolle van der Krieke	108
Rommert Stellingwerf	112
Watze Watzema	116
Betty Hobma-van der Laan	122
Jan Breeuwsma	128
Binne Oosterbaan	132
Joukje Jansma-Posthumus	140
Lieuwe Wester	144
Johan Fokkema	152
Ineke Goerres-Bethlehem	156
Sjouke Zwaagstra	164
Jeltsje de Roos-Nieuwland	168
Gerrit Waringa	172
Meine Veld	178
Tineke Bouma-Kamminga	186
Henk Dijkstra	190
Tettje (Tet) Dijkstra	198
Grietje Kleefstra-Kingma	202
Pieter van Steinvorn	210
Klaas Brandsma	218

Roelie Schiere-Zijlstra	222
Louw Visser	230
Siemen Willem Smink	234
Gerrie Oenema-Poppes	242
Tinus van der Meulen	246
Nantsje Kroes-Jansma	254
Douwe Venema	262
Grietsje Waringa-de Vries	266
Wieger Huisman	270
Imkje de Groot-Hoekstra	278
Ids Hemminga	282
Alian Akkermans-Hofstra	290
Piet Jelsma	296
Eky Tigchelaar-Goerres	304
Hâns Brandsma	308
Lutske de Roos	316
Ysbrand Walstra	320
Wiebren de Jong	324
Baukje ten Hoor-Brugman	328
Oepke Valk	332
Tietsje Watzema-de Leeuw	340
Sjoerd Wagenaar	346
Japke Bergsma-de Meer	354
Kor Mulder	358
Hennie de Jong-Mulder	364
Peke Hoekstra	372
Ingrid Riemersma	376
Jouke Wobma	384
Froukje Hartmans-Wiersma	390
Jelle Wierda	398
Jenny Geertje Fetje Zwanenburg	406
Catharinus Veninga	412
Johannes Groen	416
Jikke Veenstra-Brouwer	424
Tim Tjoelker	428
Wietse Rodenburg	432
Jan de Ruiter	440
Piet Rozeboom	446
Halbe van der Wal	450

Foarwurd

Alle Boarnsters ha in ferhaal! Fan 75 minsken út Aldeboarn en omkriten binne de libbensferhalen optekene. Twa âld-Boarnsters om útens binne deroan taheakke.

Bert Witteveen kaam op it idee troch de ferhalen fan ynweners fan Aldegea SWF te lêzen. Dy foelen tige yn 'e smaak. It like ús moai ta om yn it ramt fan de 75e Gondelfeart ek 75 Boarnsters te ynterviewen en harren libbensferhaal fêst te lizzen.

De fertellers binne willekeurich keazen en binne frege hoe't se yn it libben steane: wat is it gelok, wêr sit it fertriet en hat it libben sin? De earste fraach wie faak oer de bernejierren. Dêrnei hoegden we hast gjin fraach mear te stellen, want de fertellers praten mar troch oer wat se allegearre meimakke hiene. It is moai dat âlderen noch fertelle woene hoe't it wie yn oarlochstiid en dat jongelju fertelle hoe't sy yn dizze tiid yn it libben steane.

Wy binne bliid dat de fertellers sa iepenhertich wiene om harren ferhaal mei ús te dielen. De ferhalen binne oan har foarlêzen en dêrby foel wol ris in trientsje. It skriuwen hat ús nocht en wille jûn. It hat in prachtich jier west, wy sille it nea ferjitte.

Der is besocht om safolle mooglik geef Frysk te skriuwen, mar der wiene ek fertellers dy't perfoarst wurden brûke woene, sa't se dy sels wend wiene. In soarte fan sprektal dus.

De fotograaf Harm Mulder hat yn koarte tiid moaie foto's makke. Alian Akkerman hat alle 75 ferhalen troch west op syk nei ús flaters. In part fan de ferhalen binne neisjoen troch Eize van der Sluis en Sippy Huisman. Laure Spriensma liet ús de wei sjen, hoe't je ta in boek komme. Sy hat fûnsen oanskreaun en jild dêrfoar binnen helle. Sûnder dizze minsken hie it boek der net west. Wy binne se allegearre tige tankber!

Ut de ferhalen docht bliken dat der safolle waarmte en leafde is foar it doarp mei de skeve toer. Dy toer dy't midden yn ús moaie doarp Aldeboarn stiet te pronkjen. De titel fan it boek is keazen nei in útspraak fan ien fan de fertellers: "As ik de toer mar sjoch ...!"

Bert Witteveen

Janny van der Heide-Reijenga



Tietie Braam-Westerdijk

- It paad werom

Tietie har heit en mem, Bouwe Westerdijk en Pietsje de Vries, kamen nei de oarloch mei in arkje fanút Terherne oer de Boarn Aldeboarn yn farren. Jongelju wiene it noch. Sy hiene ien soan, Klaas. Heit Bouwe koe wurk krije op it molkfabryk 'De Tuorkemjitter'. De arke krige in fêst plak tsjin it Eastein oer, flakby it fabryk.

It wurk op it fabryk foldie fan beide kanten goed. No wie it sa dat de widdo Nijdam, dy't mei ien fan de pommeranten fan it fabryk trouw west hie, yn it grutte, moaie hûs flakby de haadbrêge, op it Achterom wenne. Widdo Nijdam koe net mear allinnich wenje. Yn dat hûs, dat tsjintwurdich út twa huzen bestiet, siet in hiel soad romte. De direkteur fan it fabryk stelde foar oan Bouwe en Pietsje om by widdo Nijdam yn te wenjen. Sy hoegden dan gjin hier te beteljen, mar moasten de widdo fan alle kanten fan tsjinst wêze. Dat waard mei beide hannen oannommen, in soad romte en gjin hier!

Fiif jier hat de famylje derby yn wenne en doe ferstoar de widdo en moasten se wer ferhúzje. Dat wie lykwols in fruchtbere perioade. Yn fiif jier waarden achterinoar Martinus, Sietse en Tietie berne. Nei dy fiif jier waard der ferhuze nei de Weaze. Fan twa lytse huzen waard ien grut hûs makke. Dêr seagen noch twa jonkjes it ljocht, Tsjitsger en Rinse. Fiif jonges dus en ien famke. No wiene heit en mem wiis mei alle fiif, mar heit hie dochs in hiel grut swak foar dat iene famke, Tietie mei har moaie ljochte hier, en dat soe altyd sa bliuwe.

Tietie gie nei de kristlike legere skoalle, want heit en mem wiene Grifformeard. Mar dat duorre mar ien jier, doe ferhuzen se nei Gerkeskleaster-Stroobos en in jier letter nei it buertskip Reahel ûnder Stynsgea (Augustinusga). Dêr kaam heit ek wer op it molkfabryk te wurkjen. Nei in skoft lijen ferstoar broer Rinse op fiifjierrige leeftyd. Itselde jier waard der wer in lytse Rinse berne. De bern moasten oer in ûnferhurde paad nei skoalle yn Stiensgea, dat in pear kilometer fierderop lei. As it paad droech wie mei de fyts, mar foaral yn de winter rinnende.

Nei in pear jier kaam der besite út Aldeboarn, it wie direkteur Valk fan 'De Tuorkemjitter'. Sy koene Bouwe noch wol. Hy wie der doe wat hastich

weirekke, mar se woene him graach werom ha. “No,” sei Bouwe, “dat wol ik wol, mar dan wol ik wer nei itselde hûs oan ‘e Boarn!” Heit koe wol foar syn rjochten opkomme. En sa barde it dus. Tietie wie út ‘e skroeven! It paad werom!

It wende gau wer yn Boarn en Tietie fiede har samar wer thús en hie ien grutte freondinne yn Boarn en dat wie Jittie van der Wal, dochter fan de bakker. Sneins wie sy dêr ek altiten en faak wiene der fan dy lekkere koeken dy’t net ferkocht wiene. Smulle mar! Sneintejûns siet Van der Wal achter it oargel en alle bern songen út folle boarst psalmen út Johannes de Heer en Van der Wal wie dan yn syn elemint! Dêr wiene mear dochters, thús wie se mar allinnich as famke.

Nei de legere skoalle gie Jitty nei de húshâldskoalle en dêr woe Tietie ek wol hinne, mar it wiene oare tiden as tsjintwurdich en heit fûn dat net nedich. Tietie gie twa jier foar twa dagen yn ‘e wike nei de naaiskoalle. De oare dagen wie sy ôfwikseljend by bankdirekteur Berkenbosch en by fee-arts Humalda as help yn ‘e húshâlding. Nei de naaiskoalle wie it foar it earst mei it learen oer. Tietie wie no kûpeuze en dêr hat se har hiele libben in soad wille fan hân. Tietie har dream wie de âldereinsoarch, mar dat waard him foarearst net. Neidat har heit in kear as meunsternimmer by Jappie Oosterhof west hie, koe se as tsjinstfaam by dy famylje oan ‘t wurk. It wie in goed plak, mar Tietie hie sa graach nei Ljouwert wollen foar de oplieding âldereinsoarch. Mar har tiid soe noch komme!

Bakker van der Wal ferhuze nei Hallum. Dat wie wat, want Jittie gie ek mei fansels. Mar al gau gie Tietie dêr útfanhûs, ien kear yn ‘e fjirtjin dagen in wykein. It wie dêr bêst gesellich en aardige jonges wiene der ek. Sa rekke Tietie yn ‘e kunde mei Theunis Braam, in brommernoazem, mar it klikte en Tietie woe wol faker nei Hallum ta. Mar hoe koe it no sa rinne, heit krige ek in baan yn Hallum en de húshâlding ferhuze nei Hallum. Heit kaam dêr by in molkbussefabryk en der waarden ek bussen galvanisearre, net sa’n sûn plak. Theunis makke de ferkearing doe út, want men giet net mei in famke út it eigen doarp, wie syn útlis. Mar it duorre net lang, doe makken oare jonges Tietie it hof. Dêrnei woe Theunis har net wer kwyt.

Heit koe syn ienichste dochter mar min loslitte, mei de jonges gie dat oars. Mar úteinlik krige Tietie dochs tastimming om har dream wier te meitsjen. Sy gie nei Stiens en kaam yn it âldereinsintrum ‘Pyter Jurjens Hof’ en stipe de âlderein. Dit woe Tietie al sa lang! Dit wie in nij libbenspaad, want Tietie kaam yn tern, mar har leafde foar Theunis wie de

leafde fan har libben. It libben lake Tietie oan, no hie sy alles wat se woe. Mar Theunis die har al gau in útstel: “Trou mei my!” sei er. Dêr sei Tietie gjin nee op en se antwurde: “Wat graach, Theunis!” Der waard in âld hûske kocht yn Hallum en Theunis, in goede timmerman, hat it hûs tegearre mei heit hielendal opknapt. Tietie en Theunis waarden jonge âlders fan twa moaie dochters, Petra en Anet. Theunis wurke yn in garaazje yn Ljouwert. It libben wie goed!

Mar dochs woene de ûndernimmende jongelju net altyd yn Hallum wenjen bliuwe en yn 1975 kochten sy yn Aldeboarn, oan de Tsjerkebuorren, foardielich it âlde postkantoar. Der moast wer in soad ferboud wurde, mar dat wie Theunis wol tabetroud. In part fan it hûs waard, ien jûn yn 'e wike, brûkt troch de muzykgroep ‘Early Bird’ foar fiif gûne. De bern giene hjir nei de kristlike skoalle en allegearre fielden se harren hjir thús en ek Bouwe en Pietsje kamen wer werom nei Aldeboarn. Heit Bouwe sei: “Wy ha tolve jier útfanhûs west en no binne we wer thús!” En it wie bêst gesellich en handich, heit en mem sa tichtby. It paad werom!

De bern waarden grutter en Tietie hie no tiid oer foar oare dingen. Sy folge in kursus pedikuere en manikuere. Dat wie in pittige oplieding, mar dy waard súksesfol ôfrûne. Jierren hat Tietie de fuotten fan in soad Boarnsters fersoarge. Faak wiene dat âldere Boarnsters en dy besites hiene ek wol in sosjale kant. Tietie en Theunis namen de bern oeral mei hinne en der wie gjin nee te keap. Ek wie Tietie it hielendal iens mei de dochters as dy wat ekstreme punkideeën hiene oer de moade. Tietie snapte it en makke al dy aparte klean, foar Boarnster begripen, dan foar har dochters, dy't dêr wol mei yn de ‘picture’ kamen. Se wie kreatyf en wist de moaiste kreaasjes te meitsjen. Mar de jierren ferrûnen, en ek foar de dochters kamen der jonges yn byld. Dy wiene wol te finen tichtby hûs yn It Medium oer de dyk. Theunis en Tietie giene der sels ek wol faak mei hinne. Dat wie hiel populêr yn dy tiid.

Heit waard siik en rekke ein njoggentiger jierren wei. In hiel gemis! Nei dy tiid wie Tietie der hielendal foar har mem en se hat noch in goede tiid mei har hân. De dochters krigen relaasjes en Theunis en Tietie waarden pake en beppe. Seis pake- en beppesizzers kamen der. It âlde postkantoar waard ferkocht en úteinlik kamen sy te wenjen oan de Súdkant op 'e hoeke by de Sparstrjitte en dêr wie it goed wenjen.

Mar yn 2004 krige Theunis klachten mei syn sûnens. It wie non-hodgkin en earst like it derop dat de kueren oansloegen. Mar it gie de

ferkearde kant út en yn 2005 kaam der in ein oan it libben fan Theunis, dy't alyd sa beskieden wie. Noch mar seisenfyftich jier, fierstente jong. Tietie wie jong widdo. Mar dochs, hoe grut it gemis ek wie, de tiid gie troch. Altyd en hiel lang hat Tietie Sinteklaas en Swarte Pyt grimeard. Ek foar de toanielclub fan de Krite wie se ûnmisber. Sy tocht mei nei oer de rezjy en wie der foar de omballings. Mar de beker wie noch net hielendal leech foar de famylje. Skoansoan Cor Brandinga waard ek slim siik en ferstoar nei trije moanne siik wêzen. No is dochter Petra, lykas har mem, allinnich. Tsjintwurdich giet Tietie noch wol gauris by de âlderein yn Boarn lâns foar in praatsje en in bakje. En ek foar har bern en seis beppesizzers is se altyd paraat. Tietie, dy't weromkaam nei Aldeboarn en dêr no noait wer wei wol!



Kees Poepjes

Kees is berne op alve novimber 1952 yn Fjouwerhûs (Vierhuis) ûnder Reahel. Kees wie, tegearre mei syn twillingbroer Lykle, de jongste út in gesin fan seis bern. Der wiene, útsein Kees en Lykle, noch trije susters: Tetsje, Harmke en Atsje, en ien broer: Hâns. Heit hie dêr, net fier fan de Tsjûkemar ôf, in eigen pleats mei hierd lân fan de Domeinen. Dy wie mar lyts, mei licht lân, en heit molk dêr sa'n sechtjin kij. Doe kaam der yn 1964 in kâns om yn Goaiïngahuzen in grutter, nij-achtich spul te hieren, ek wer fan de Domeinen. Kees en Lykle moasten dat jier twa kear fan skoalle feroarje; earst moasten se fan Sint-Jansgea nei Dolsterhuzen nei skoalle en letter, nei de ferhuzing, nei Aldeboarn. Heit gie der wat op foarút, der kaam wat mear lân by de buorkerij. De pleats wie nij en der waarden wat mear kij molken, goed tweintich.

Mar al hiel gau spile heit syn sûnens op, hy krige hertklachten en koe syn wurk net mear goed dwaan. De jonges wiene noch te jong om it spul oer te nimmen en finansjeel hâlde it ek net oer. Kees gie nei de legere lânbouskoalle op It Hearrenfean mei syn klassegenoat en freon Marten Bruinsma. Letter kaam der noch in súksesfolle kursus technyk foar alles omtrint trekkers en motoaren by.

As santjinjierrige giet Kees as lytsfeint oan 'e slach by Jentsje Heida, ek op Goaiïngahuzen. Dêrnei bleau hy oan 't wurk yn de agraryske sektor by ferskate leanbedriuwen. Kees begûn te molkriden en dat foldie wol goed. Ien molkrit wie foar Johannes Noordenbos út Akkrum, in molkrit nei 'De Tuorkemjitter' en ien foar de boerekoöperaasje út Grou mei in molkrit troch it 'Leechlân' nei it molkfabryk yn Wergea.

Dêrnei kaam Kees oan 't wurk by Jelle de Visser. Dêr hie er in molkrit fan de Van Sminiawei, de âlde dyk nei It Hearrenfean, oant de pleats oer de Heabrêge. Dy molke gie nei 'De Tuorkemjitter'. Foar De Visser brocht Kees ek foer foar de CAF nei de boeren yn It Lege Midden en op it Eilân. De Visser hie syn opslach tsjin de iisbaan oer.

Hy krige klachten yn 1974, in pynlike ûntstekking yn de heupe dy't net oergean woe. Nei in tal ûndersiken tocht men dat it TBC wie. Kees hat fan ein 1974 oant begjin 1976 yn it sanatoarium yn Haren, yn Grinslân west. Nei ûndersiken die bliken dat it gjin TBC wêze koe. Nei't der moarch út de skynbonke yn de kop fan de heupe setten wie, krige hy in ôfflakke kop yn

de heupe en dêrtroch wie hy foar in part ôfkard.

Underwilens wie de famylje yn 1971 ferhuze nei it hûs oan de Wjitteringswei krekt bûten Aldeboarn. Kees is dêr altyd wenjen bleaun. Dat hûs hearde by de pleats fan buorman Hospes en wie yn de tritiger jierren boud troch syn foargongers, de bruorren De Jong. Kees krige kunde oan boeredochter Nieske van Dellen út Friens. Sy hiene inoar troffen op in dûnsjûn yn Jirnsum, yn de 'Twee Gemeenten' fansels. Yn juny 1977 troude it pear en Nieske ferhuze nei Aldeboarn. Der komme twa moaie dochters, Alie yn 1980 en Hanneke yn 1982.

Kees siet mei syn klachten en hy krige in útkearing fan de WAO. Mar yn 1981 koe hy in baan krije by de boerefamylje Brak. It wie mar in dieltiidbaan, mar Kees wie der tige wiis mei. En as de WAO-ynstânsje lestich die oer de útkearing en stelde dat Kees wer hielendal 'arbeids'geskikt wie, stie boer Brak persoanlik foar de koarting dy't de WAO ynhâlde. Sa't elk begripe kin, wie Kees dêr tige oer te sprekken. Kees bleau dan ek altyd by de famylje Brak yn tsjinst. Earst by de heit en letter by de soannen, wol altyd yn dieltiid.

Kees hie ek in grutte hobby en dat wiene syn skiep. Bêst soartige skiep dy't it goed hiene op de goed ien bunder lân dat om harren hûs hinne lei. Mei it lammefangen hie hy in soad rûtime opboud, safolle dat er ek faak bysprong by syn skoanheit yn Friens. Der kaam in grutte loads by foar de skiep, dy't ek altyd brûkt waard foar it gondelbouwen foar de buertferiening 'De Dyk'.

Dochs wiene der ek foarfallen dy't hurd oankamen. Sa kaam broer Lykle om it libben by in ferkearsûngefal yn 1985. Dat wie in drege tiid, midden út it libben wei skuord. Syn frou Ynskje bleau sitten mei trije lytse bern. Mar der barde noch mear en it kaam ek neier. Yn 2004 wie dochter Alie mei fakânsje nei Gran Kanaria mei har freon Frâns. Se rekken mei de bus fan 'e dyk en Alie wie licht ferwûne. Der kaam in helikopter om har en noch in ferwûne toerist op te heljen. Nei it opstigen stoarte de helikopter del en Alie, mei noch fjouwer ynsittenden, ferûngelokke. Dat wie in hiel swiere slach. De ferhâlding mei Alie har freon is altyd goed bleaun.

De oare dochter, Hanneke, koe goed leare en helle de Havo. Letter kaam sy op in notariskantoar yn Ljouwert en no wennet se mei har freon yn Arnhim en wurket dêr ek wer by in notaris.

Dochs giet it libben wer troch en Kees komt njonkenlytsen op de twadde helte fan syn libbenspaad. Twa kear giene Nieske en Kees op reis